


Boartsje mei skulpen



Ideeën

Tel de skulpen. Yn watfoar talen
kinne jim telle?

Lis de skulpen op folchoarder fan lyts
nei grut.

Lis de skulpen soarte by soarte.
Tekenje mei de skulpen: kinsto in
hûske tekenje mei de skulpen? Of in
popke?

Meitsje in spoar mei skulpen en folgje
it spoar. Wêr komt it út?

Set mei in stift in kleurke oan 'e
binnenkant fan de skulp, hieltyd by
twa skulpen deselde kleur. Draai de
skulpen wer om en spylje memory:
wa fynt de measte skulpen mei
deselde kleur?

Meitsje in skulpewinkeltsje. Wat
kostje de skulpen?

Sykje op it strân de moaiste
skulpen. Sykje in moai plakje op it
strân of – as it waar wat minder is –
nim de skulpen mei nei hûs.

